

## Taspraak by de iepening fan de KAPEL FAN DE ALDE FRIEZEN

Bêste oanwêzigen: frou Jeltsje Damsma (dochter fan Loadewyk Damsma), alle frijwilligers dy't troch de jierren hinne wurke hawwe mei de Alde Friezen, dielnimmers fan de kleastermienskip, (nije) kleasterlingen, Piter Wilkens, belangstellenden.

1. Yn it neijier fan 2008 waard ik belle troch in sekere Loadewyk Damsma fan de Jouwer. Hy fertelde my oer syn Alde Friezen projekt (Alde Fries = kloostermop yn it Nederlânsk) en hy frege oft ik it oerbleaune part fan syn kolleksje oernimme woe. Dy kolleksje bestie út in grut oantal Alde Friezen fan midsiuwske kleaster en tsjerken út de Fryske lannen. Hy hie dy stiennen troch de jierren hinne by elkoar fandele, oeral wei. Hy wie dermei begûn nei de sillichferklearring fan pater Titus Brandsma yn 1985. De stiennen makken foar him in ferbining tusken it âlde Fryslân en de tsjerke fan Rome. Pater Titus wie ek wei fan it Fryske ferline, fan Fryske kleasters én fan Alde Friezen. In grut part fan de kolleksje wie yn it hillich jier 2000 nei de tsjerke fan de Friezen yn Rome brocht en hawwe dêr in fêst plak fûn! Mar der wie ek noch in kolleksje stiennen oer. 'Wolle jim dy oernimme, bewarje en in plakje jaan yn jimme nije kleaster?'

No moatte jimme witte, Nijkleaster bestie doe noch net, lit stean de kontakten mei de gemeente fan Jorwert en omkriten. Om oer Westerhûs hielendal mar net te praten. Mar de earste gedachten oer in nij kleaster yn Fryslân wiene yn de pers telâne kaam en it ferhaal song wat rûn. Damsma frege dus oft wy de stiennen in plakje jaan woenen yn dat nije kleaster. Ik wie der earst wat ferlegen mei want wy hienen allinne noch mar in idee. Mar ik ha doe tasein om sekuer om te gean mei de stiennen en mei harren identiteit. En skriftlik ha ik doe útlein wat ús doel wie mei de stiennen (ik sitear út in brief dy't ik skreaun ha oan Damsma yn maaie 2009):

'Us doel mei de kleastermoppen is om yn it nije kleaster in apart plak te meitsjen (miskien sels in kapeltsje?) wêrút ús ferbûnens mei de Fryske tsjerken en kleasters dúdlik wurdt. It soe prachtich wêze om sa in ferbining te meitsjen mei it rike ferline fan de Midsieuwen. Boppedat soe it geweldich wêze foar ús gasten om te sjen oft harren eigen tsjerke der ek by sit. Sa kin it wier in sintrum wurde fan de tsjerken yn Fryslân, net as museum of toeristysk plak, mar as in ûnderdiel fan in libben kleaster.'

Yn de simmer fan 2009 hawwe wy doe de Alde Friezen ophelle út in opslach by famylje yn Jirnsum en út in lisboksstâl yn Skillaard. De earste frijwilligers wienen Teake, Romke, Arie en Jornt. De stiennen moasten fansels ek opslein wurde. Se hawwe tusken 2009 en 2024 swalke tusken Goutum, Wiuwert, Wurdum en Weidum om by eintsjebeslút in plak te finen yn palletboxen op it hiem fan Westerhûs.

2. Yn de rin fan de jierren krigen wy ek hieltyd mear Alde Friezen oanbean. Bygelyks fan kleaster Blomkamp, kleaster Thabor en kleaster Lidlum. En bygelyks fan tsjerken út Jorwert, Lytsewierrum, Hilaard, Weidum, Dokkum en Ljouwert. Wy hâlden de administraasje by fan de maten fan de stiennen, de oarsprong en de datum fan ûntfangst. Stadichoan ûntstie der in

unike kolleksje fan Midsiuwske Alde Friezen fan 326 tsjerken en 38 kleasters. Net alle tsjerken en kleasters fan Fryslân binne fertsjinwurdige, mar de stiennen yn ús kapel steane wol symboal foar *alle*. Ek net alle stiennen komme út it hjoeddeistige Fryslân. Inkelde stiennen komme fan tsjerken en kleasters yn Grinslân en Ost-Friesland. Se ferbine ús mei it gehiel fan de Midsiuwske Fryske lannen.

Elk sil aanst sykje om syn 'eigen stien': it eigen wenplak of bertedoarp. De tsjerke of it kleaster dêr't immen in spesjale bân mei hat. Ik ha sels ek in bysûndere bân mei inkelde stiennen. Ien stien fûn ik yn 2011, it jier dat ús heit stoar. Yn de wike fan de begraffenis rûn ik op it hôf by de âld toer fan Nijemardum, it bertedoarp fan myn heit en ek fan mysels. Ik strúnde wat om en fûn in Alde Fries efter it baarhokje. Dy wie oan it ljocht kaam by it grêfdollen. Ik ha de stien meinaam, mjitten, adminstrearre. No hat dy stien fan Nijemardum hjir in plak krigen.

Stadichoan ûntstie it idee om mei de stiennen echt in kapel te meitsjen, in bûtenkapel neist de kapel yn kleaster Westerhûs sels. Yn in brainsoarmsesje kaam it idee om in silo te brûken. Net in 'graansilo' of 'mestsilo' mar in 'kuilsilo' sa't dy yn de earste helte fan de 20e iuw rûnom delsetten waarden op Fryske boerehiemen. De measten binne weirekken, mar wy fûnen in moaie, geve silo yn Terkaple. Fan boer Rinze Hofstra mochten wy 'm hawwe, mar dan wol sels ophelje! Geweldich, tige tank! Letter betochten wy hoe't wy de stiennen in plak jaan moasten yn de silo. Arzjitektenburo J.O.N.G hat ús dêrby tige holpen. Oars wie it nea slagge! Geweldich, tige tank.

En hoe moasten wy sjen litte wêr't de stiennen oanspronklik wei kamen? Der binne in soad ideeën west mar úteinlik binne it messing plaatsjes wurden. Dizze ôfrûne winter hawwe tal fan frijwilligers dwaande west mei de plaatsjes en mei it bouwen fan de kapel: ik ferjit fêst guon, mar dizze minsken hawwe echt in bealch wurk fersetten. Elke tongersdei wer! Hylke, Meike, Tjitte, Lammert, Gerard, Rients, Marius, Siebolt, Jacob, Piter, Hessel en Teake en safolle oaren dy't tusken 2021 en 2024 meiholpen hawwe. En net te ferjitten Henk dy't by hast alle stappen belutsen west hat. En fansels Sietske dy't meidien hat fan it begjin oan ôf. Tsien jier lang hawwe de wichtichste en moaiste stiennen by ús ûnder de treppen stien yn Jorwert. Oan jim allegear: geweldich, tige tank!

En doe gie it oan yn april 2024. Alles wie der klear foar! Wy hawwe Rients Greidanus út Hilaard frege om it mitselwurk te dwaan. Hy hie earder ek oan de restauraasje fan de pleats wurke. Yn in wike makken Rients en Pieter der in kapel fan de Alde Friezen fan. Ik sei op in jûn: 'Ik kin wol janke'. De oaren seagen my wat fernuvere oan. 'Ja, ik kin wol janke om twa redenen. Yn it earste plak omdat it sa moai en bysûnder wurden is. En oan de oare kant: no ha ik 15 jier omsleapt mei dy ferhipte stiennen en neitocht oer hoe't it moast en no is it yn ien wike samar klear. Net te leauwen!'

3.

Noch in pear wurden wol ik wijje oan de betsjutting fan dizze kapel. Ik neam der trije.

a. De earste hat te krijen mei de ferbining mei de tsjerkeskiednis. *Wy binne ommers de earsten net*. Wy binne in *nije* kleasterbeweging omdat der hjir al in lange skiednis fan kleasterlibben leit. Sels op dit stee fan kleaster Westerhûs hat yn de 13e iuw in frouljuskleaster stien. En yn Fryslân hawwe hast 60 kleasters bestien fan ora et labora, bidden en wurkjen. Wy bouwe fierder op dy basis, sûnder dy te claimen. Mar wy bewize ús respekt oan ús geastlike foarâlders.

En dêr daliks oan ferbûn is de ferbining mei ús algemiene skienis. Wy wolle, sa stiet it yn de tsien kenmerken fan Nijkleaster, ús eksplisyt kommittearje oan de taal, de kultuer en skiednis fan de Fryske kontekst. Wy binne ús bewust dat wy hjir op dit boerestee midden yn Fryslân woartelje yn de Fryske skiednis fan kleasterlibben en boerelibben. Sa bewize wy respekt oan ús foarâlders dy't hjir libbe hawwe, dy't dit lân foarme hawwe mei wrotten en wramen.

b. De twadde betjutting hat mear te krijen mei hjoed de dei. By it begjin fan Nijkleaster binne wy daliks begûn mei de kleasterkuier: nei bûten ta, de natoer yn. Wy woenen út de holle wei, mear ôfdale nei ús hiele lichem, nei it hert. Dat slagget troch nei bûten te gean en de hieljende wurking fan de natoer te fielen en te ûntfangen. Dat dogge wy no ek. Us geastlik libben spilet him faak binnendoar ôf, ûnder dak. Dat is hiel handich en funksjoniel. Mar wy binne hiel bliid dat wy ús fieringen no ek bûtendoar dwaan kinne. Yn ferbining mei de eleminten. De iepen himel boppe ús, de ierde ûnder de fuotten. Wy libje hjir op Westerhûs tusken himel en ierde.

c. En yn it tredde plak hat dizze Kapel fan de Alde Friezen betsjutting yn ferbân mei ús ferlangen om gastfrijheid te oefenjen. Wy wolle gjin sletten kleaster wêze. Dêrom rint hjir no ek in nij paad fan Westerhûs rjochting Fûns, Jorwert en Bears. Wy wolle net op in eilân sitte, ôfsletten wêze fan de wrâld. Dus binne riners en minken op 'e fyts wolkom. Elkenien is ek altyd útnûge om mei ús fieringen mei te dwaan. Mar wy kinne net de hiele dei troch minsken yn ús kleaster ûntfange. Dat is té lestich foar de kleasterlingen en de gasten. Dêrom stelle wy it hiem en de túnen altyd iepen en hawwe no ek in bûtenkapel dêr't elkenien altyd wolkom is.

It is in Kapel fan de Alde Friezen. It is in kapel foar alle Friezen en foar alle minsken dy't hjir efkes stil wurde wolle, dy't meditearje of bidde wolle. Of dy't gewoan genietsje wolle fan it lânskip, de loft en de wolken, de fûgels en de stilte. En om te harkjen nei de ferhalen dy't hjir folop lizze. Om it te sizzen mei de wurden fan it folgjende liet dat Piter Wilkens no sjonge sil:

*Hjir lizze libbene stiennen  
dit is gjin dea materiaal  
wille en lok, rou en triennen  
it sit hjir fol mei ferhaal,  
it sit hjir fol mei ferhaal.*

*ds. Hinne Wagenaar  
(kleaster Westerhûs, Pinkstersnein 2024)*